

## Paringsbereid yn it Frysk

Op sneon 8 maart wie it *Wrâldfrouljusdei*. In pear dagen earder hie der - as bewiis fan 'e emansipaasje fan 'e frou? - al de Stilettoerin west yn de P.C. Hooftstrjitte te Amsterdam. Dat is in hurdrinwedstriid foar froulju op hege hakken (stilettos). De winner mei foar 10,000 euro útjaan yn de djoere winkels fan de P.C. Hooftstrjitte.

Deiblêd De Pers, mar ek oare blêden, hie nei oanlieding dêrfan in populêr-wittenskiplike beskôging oer hege hakken. Neffens biologen hiene hege hakken op it frouljusliif as gefolch dat:

- de kûtspiieren wurde oanspand
- de boarsten wurde nei foaren treaun
- de kont wurdt nei efteren treaun

En lit dat no krekt de hâlding fan sûchdieren wêze dêr't se "paringsbereidheid" mei oanjouwe. Mei oare wurden, hege hakken jouwe in net mis te ferstean seksueel sinjaal ôf, sa't manlju befêstigje sille. Allinne is it sinjaal by minsken net sa bot "ik wol pearje" as wol "I'm hot" ofwol sjoch-my-ris!

Ik frege ús heit fuort ôf wat "paringsbereidheid" yn it Frysk wêze soe. Ja, pearingsreeëns koe ik sels wol betinke. Mar no sjogge jo wer it nut fan kommunikaasje mei de âlderein. Want ús heit kaam fuort mei in smoute anekdote oer in wyls ferstoarne freon fan him, dy't ek in earsten ferhaleferteller wie, de grutte Roel. Dy fûn hege hakken ek moai; benammen yn it foarjier en dêrnei seagen je dy in protte. At se it dêroer hiene, sei er: "dan rinne se foar it fangen".

Is dat net moai? Fansels, it is net itselde as pearingsreeëns. Pearingsreeëns is in neutraal, wittenskiplik wurd, in haadwurd. "Se rinne foar it fangen" is in sin. It is gauris sa dat in haadwurd yn in standerttaal rûchwei útdraait op in sin yn sprektaal. Boppedat kin de sin allinnich mar troch manlju sein wurde; oars is it raar. Mar der is fansels ek in statistysk ferskil tusken manlju en froulju wat hege hakken oanbelanget: froulju drage se om op te fallen, en manlju sjogge der mei lekkere eagen nei.

Oan de manljusútdrukking leit ek de metafoar te'n grûnslach dat manlju op froulju *jeie*, dat se har *fange* wolle. By *pearingsree* ha je lykwols ek in metafoar, nammentlik dat immen him bewust en rasjoneel ree makket om te pearjen, sa fan, ja, no bin ik der klear foar. Alsa hat in útdrukking gauris in metafoar yn. En elke metafoar bringt in wrâldbyld mei dat net elkenien ûnderskriuwe wolle soe.

[eh]